1e JIERGONG AUGUSTUS 1981 NR. 11

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Samlers:
R. Jansma - Udema
B. Wijma - v.d. Wal
L. de Jong
C.T. Pool - Bruinsma

Samlerskip:
Achterwei 5
Till. 05127 - 1726

*KOPIJ FOAR IT FOLGJENDE NUMER*
*YNLEVERJE FOAR DE 18e FAN HJERSTMOANNE*

Ynhâld:

FERIENINGSNIJS:
- De soos
- Chr. plattelandsvrouwenbond
- Ons jaarlijks reisje
- Fan "De Grietman"
- Kringwedstrijd - Klaverkampruiters
- De fam. Welling - Pl. Belang
- Verslag over de jeugdsoos
- Vogelwacht Oudega
- Damclub Oudega

IT WITTEN WURDICH

SKIEDNIS

FAN ALLES WAT

SOCIALE WURKLIST

## HAADARTIKEL

Om't de glêssammelaksje yn Smellingerlân sa goed rint, hat de gemeente it tal kontainers fergrutte. Ek by ús yn'e buorren is der ien kaam. It tugen mei grutte tasfollen nei Drachten ta is no net mear nedich. In neidiel is dat it yn'e huzen goed te hearren is as der glês yn smiten wurdt. Yn'e sliepkeamers ek, haw ik heard. En dat is net aardich as men ris op'e tiid op bêd wol.

R.J. -U.

## FERIENINGSNIJS

### DE SOOS

Op een vraag van één van de redactieleden, over hoe en wat de soos inhoudt of dit een vereniging is, los van alles, dus kerkelijk of onkerkelijk, kan ik antwoorden dat de soos voor iedereen is die de 65-jarige leeftijd heeft bereikt. Daaronder vallen ook diegenen, die de 50 jaar reeds gepasseerd zijn en om de één of andere reden zijn afgekeurd en hun werk niet meer kunnen verrichten en er dan, wat zeer te begrijpen is, ook wel een middagje tussen uit willen. Onze soos bestaat a.s. herfst 17 jaar en is opgericht met medewerking van onze vroegere huisarts J. Wijmenga. Zowel voor dames als voor heren. Jammer genoeg hebben de dames altijd verstek laten gaan. Bij de oprichting in ons dorpscafé waren 20 heren aanwezig. Van de oprichters zijn nog in leven:
W.H. Mulder
W.Gj. Welling
A.K. Welling
S. Paulusma
Het eerste bestuur bestond uit de heren F. de Haan, voorz., L. de Jong, penningm. en Gj. Bouma.
Hiermede meen ik de vraag wel te hebben beantwoord, en tot eventuele nieuwe leden: alvast hartelijk welkom in september a.s.

B. Visser

### CHRISTELIJKE PLATTELANDSVROUWEN BOND

Onze Christelijke Plattelandsvrouwen Bond houdt haar vergaderingen voor het nieuwe seizoen op de volgende data:
24 september - 13 oktober - 17 november - 22 december - 12 januari - 16 februari - 16 maart - 6 april
Nieuwe leden zijn van harte welkom. Ook gaat er maandag 5 oktober weer een Hindeloper schildercursus van start. Er kunnen nog wel wat cursisten bij. Ook die geen lid van onze C.P.B. zijn kunnen zich opgeven. Inl. bij Mevr. Tj. Toering - Hietkamp, tel. 1582.

## ONS JAARLIJKS REISJE

Donderdag 16 juli hadden we ons reisje van de C.P.B. Met 47 dames vertrokken we om 8 uur. Na een welkomswoord door de chauffeur en de 2de presidente ging de reis over Appelscha en Dieverbrug naar Vledder waar we koffie dronken. Nu werd het tijd om het schelpenmuseum te bezichtigen. We werden hartelijk verwelkomd. Op boeiende wijze vertelde deze dame over de vondsten en het ontstaan van haar museum en werden we prettig rondgeleid. Toen we allen weer in de bus waren ging het verder naar Darp waar we een expositie konden bezichtigen. Hier werd handwerk vertoond van verschillende landen en kon er ook gekocht worden. Het volgende reisdoel was Ossenzijl. Hier hebben we wat gegeten en gedronken, om 2 uur werden we ingescheept voor een bootreis door de weerribben. Dit is een prachtig natuurgebied in de kop van Overijsel. De stuurman zette ons bij het bezoekerscentrum van de Heidemij. af, waar we tot 6 uur gelegenheid kregen te winkelen. De reis ging verder naar onze laatste pleisterplaats Sint Nicolaasga, waar we onze warme maaltijd gingen nuttigen. Eerst was er nog tijd voor een borreltje. Om negen uur hadden allen weer plaats genomen in de bus, waarna we naar huis terugkeerden.
De chauffeur werd nog bedankt en iedereen werd een wel thuis toegewenst.
We konden terugzien op een mooie reis.

Namens het bestuur:
P. Oosterhof - Mulder
G. de Haan - Zijlstra

## FAN "DE GRIETMAN"

Nei een pear bezichheden fan'e Grietman wie dan de greate klapper oan bar. De Lângeanne/Braderie op 23 july. De kommisje seach yn't waer, mar it foel wer ta, goed braderiewaer. Der wiene 54 ienheden ferhierd. Der wiene dit kear mear saeken mei eigen tintsjes. De nuveraerdigste wie almagrif Albert Mulder út Makkinga mei syn âld geriif, boerereau en boppedat it meitsjen fan greate alpenhoarnen, een alderaerdigste stand. Fierder wie de alde Piebe fiskerman "de Jong" oan it netteboetsjen en Bouwe Bouma siet to spinnen dat it in lust wie, der binne om it libben foto's makke. De skildercursus "it Buthus" hie een part fan de cursisten oan it skilderjen. As organisaesje wie en is se wol bliid mei de ferieningen fan Aldegea om dizze braderie slagje to litten. It is een oantrún foar oaren om mei do dwaen. De barbekukel fan slachterij Pietersma hie net to kleijen. De muzikale tastân hie wol what better kind en wy sille ús betinke moatte oer in oare oanpak. It probleem is altyd de sinten. As der reclame makke wurde moat dan kost dat net in bytsje; what sizze we, in protte. Oer it algemien binne wy fan miening, dat dizze Lângeanne wol wer slagge is. De organisaesje sil him trouwens al betinke moatte oer de takomstige braderie. Wy hawwe nammentlik in great part oanjeften krige foar noch folle mear stands. Wy hawwe lykwols de ôfspraek dat wy gjin konkerinsje tastean kinne oan de meidoggers. Mar it docht bliken dat dat net de juste wei liket to wezen, der binne saekelju dy't net alhiel meidraeije yn ús grietmantinken. Hawar, sil dizze braderie yn'e takomst in steeds greater plak ynnimme, dan sille de beakens tidich ferset wurde moatte. Wol binne wy fan miening dat dizze kear de opset tige slagge is. Ut de foarige Doarpsomropper koene wy lykwol net de yndruk krije dat de braderie een bult oandacht krige en dat spyt ús wol what.

ú.n.f. "De Grietman"
W. Welling

* * *

Dêr wol ik wol eefkes op ynheakje. It moat dochs út'e wei dat wy as samlers in soarte fan ferslachjouwers binne. It moat safier komme dat wy de kopy fan'e Aldegeasters allinne mar hoegen te sammeljen. Ek de kommisje is tige wolkom en stjoere âlles wat de Grietman oanbelanget nei de Achterwei 5.

R. J.-U.



## KRINGWEDSTRIJD

Georganiseerd door de Klaverkampruiters van Oudega. De deelnemende verenigingen waren:

| | |
|---|---|
| Klaverkampruiters | Oudega |
| Blauwe Bosruiters | Haulerwijk |
| D.E.O. | Donkerbroek |
| Drako ruiters | Dr. Compagnie |
| Drie gemeenten | Elsloo |
| Dúnruters | Bakkeveen |
| Fjildruters | Hemrik |
| Gearuters | Garijp |
| Hynstewille | Appelscha |
| Radboudruiters | Drachten |
| Waldruters | Beetsterzwaag |
| N.E.O. | Noordwolde |
| Nieuw Leven | Oosterwolde |

In Oudega vonden 8 augustus de streekwedstrijden van de kring Zuidoost plaats, georganiseerd door de Klaverkampruiters van Oudega. De wedstrijd werd onder ideale weersomstandigheden gehouden op het terrein van de heer S. Kooistra op het Utein.

In totaal namen er ongeveer 90 leden van 13 verschillende verenigingen aan deel. Het eerste terrein waren zes dressuur banen in aangebracht, waarin de dressuurwedstrijden werden gehouden. Het tweede terrein was het springterrein, waarin door de heer Sevinga een klassiek parcours was gebouwd. De organisatie kon op een schitterende dag terugblikken, waarbij uitstekende sportieve prestaties geleverd werden.

Drie deelnemers van de Klaverkampruiters behaalden goede resultaten. M. Nell behaalde in B dressuur een tweede plaats, F. Algra werd derde en Chris Veenstra kreeg een derde plaats bij B springen.

Secr. F. Algra


HOTEL RESTAURANT

"Het Witte Huis"



* ZALEN VOOR GROTE PARTIJEN

* FAMILIEDINEETJES

* ZAKENDINERS

* GESPECIALISEERD RESTAURANT

HET GEHELE JAAR GEOPEND

******

uw gastheer is de heer S. MODDERMAN

van harinxmaweg 20 olterterp
tel. 05126 - 1262


## DE FAMILIE WELLING NOG EENMAAL IN'T ZONNETJE GEZET

Daar onze secretaris van Pl. Belang niet aanwezig kon zijn bij het aanbieden van de vlaggemast, is mij verzocht hiervoor een klein artikeltje te schrijven. In de herfst van 1980 kon de familie Welling het heugelijk feit herdenken dat het ambacht "smeden" 200 jaar door hen was uitgeoefend. Nu moest er van onze kant ook een cadeau komen, maar daar de familie niet wist wat het moest zijn, heeft dit dus wel een poos geduurd. Opeens kwam iemand op het idee "een vlaggemast" en zodoende is hier dus werk van gemaakt, en na vele handelingen was de mast op 23 juli gereed. De voorzitter, de heer Faber heeft de familie Welling nog een keer toegesproken, en daarna kon de vlag door mijn persoon gehesen worden. Dit is dus ook gebeurd, al ging dit niet zonder moeite, iemand uit het publiek zei: "do kinst wol sjen dat dit net har dagelijks wurk is". Tenslotte wil ik dit nog melden, namens Pl. Belang hopen wij dat de familie Welling hier nog vele jaren gebruik van kan maken.

Penningmeesteres
Pl. Belang J.P. v. W.

## VERSLAG OVER DE JEUGDSOOS

Een belangrijke vergadering, is gehouden op 16 juli 1981. Belangrijk, omdat op deze vergadering de diverse kommissies in het leven werden geroepen. Hiermee hangt samen dat overleg situaties veel korter kunnen duren.

Als D.B. (Daagelijks Bestuur) zijn aangesteld:

| | | |
|---|---|---|
| M. Hiemstra | Voorzitter | Langdeel 6<br>Buitenkerkelijke gemeenschap. |
| B. Zanstra | Secretaris | 't West 14<br>Jeugd-ouderling Gereformeerde kerk. |
| J. Sluiter | Penningm. | Eastersanning 11<br>Jeugd-ouderling Ned. Hervormde kerk. |

Als V.K. (Voorbereidings Kommissie):

| | | |
|---|---|---|
| F. Verwoert | Coördinator | Skeane Heawei 3<br>Welzijnswerker |
| J. Slotegraaf | Voorzitter jeugd | Eastersanning 2 |
| P. Boomsma | Secretaris jeugd | Dwarssingel 4 |
| J. de Haan | Penningm. jeugd | Sânbuorren 26 |
| P. v.d. Wal | Aktie-leider | Achterwei 21 |
| M. Jansma | Aktie-leidster | Achterwei 5 |

Als Beleids Kommissie:

| | |
|---|---|
| F. de Haan | Buorren 42<br>Doarps-Belang |
| J. Postema - v. Wieren | Buorren 5<br>Doarps-Belang |
| H. Weening | Sânbuorren<br>Doarps-Belang |
| J. v. Renen | Opperbuorren-east 2 |

De bedoeling is, dat alle aktiviteiten die ondernomen zullen worden, hun oorsprong hebben bij de voorbereidingskommissie. Zij worden via de D.B. naar de beleidskommissie gespeeld, waarna de uitvoering plaats vindt. Tevens worden de kerkeraden van Gereformeerde- en Ned. Hervormde kerk ingelicht over de diverse vergaderingen. Vorderingen omtrent de jeugd-




soos worden via soortgelijke verslagen in de Doarpsomropper geplaatst. Op de vergadering van 16 juli j.l. is besloten een sticker-aktie te organiseren. De jeugd wil hiermee tonen, dat hun verlangen naar een jeugd-soos nog niet is vervaagd. Tevens blijkt hieruit hoe nieuw-bakken de voorbereidingskommissie is. De stickers moesten klaar zijn voor de braderie op 23 juli, kosten plm. f 170,-- per 500 stuks. In eerste instantie dachten wij ze te kunnen verkopen voor f 1,-- per stuk. Al gauw bleek men geen gulden over te hebben voor zo'n sumier stukje papier en moesten wij er de helft van het geplande bedrag voor vragen. Toch is er een bedrag uitgekomen van f 255,--. Na aftrek van de kosten blijft een bedrag van f 80,-- over, waarmee we onze eerste kosten kunnen dekken (stelcil- en kopieerwerk). Wij willen er niet aan voorbijgaan, alle mensen te danken, die begrip hebben getoond voor de jeugd een sticker hebben gekocht. Ook danken wij de loop(st)ers die enthousiast mee werkten om deze aktie te doen slagen. Oudega's jeugd-soos komt tot leven, wij gaan op volle toeren verder.

VERGADERING v.d. Voorbereidings Kommissie op 30 juli 1981

Centraal stond het kiezen van een verantwoordelijke ploeg, die genoeg animo heeft om steeds met nieuwe ideeën te komen. Resultaat van dit agendapunt, staat vermeld achter de namen van de mensen uit de Voorbereidings Kommissie. Gepraat is ook over een te houden grote vergadering tevens Disco-avond voor de jeugd van plm. 12 tot 17 jaar. Besluiten hierover zijn nog niet genomen. Als laatste punt op de agenda stond, hoe we verder zullen moeten en kunnen, ook al is er nog geen centraal punt (gebouw). Gedacht werd aan het instellen van een boodschappendienst voor mensen die moeilijk ter been zijn. Gezelschapsbezoekjes afleggen aan eenzame mensen of hen die dit wensen. Een oppas-dienst in het leven roepen, enz. Wij trachten hierbij alle mensen uit het dorp te bereiken zonder aanziens des persoons. Buiten dit alles om, blijven wij hopen, dat er een centraal punt komt, waar alle jeugd van plm. 12 tot 17 jaar ongedwongen bijelkaar zou kunnen komen. Het D.B. (Daagelijks Bestuur) heeft een verzoek geplaatst om het gebouw aan de Goartersreed no. 1 te huren, hetgeen voor ons een ideale ruimte zou zijn.

Ferry Verwoert



VOGELWACHT OUDEGA

Deze keer wordt het niet een lang verhaal. Alle broedgegevens weten wij op dit moment nog niet, dus dat komt later. Wel kan ik u vertellen dat er zeker twee paartjes kiekendieven met succes hebben gebroed in ons gebied. Met de jonge ooievaar in Ureterp gaat het uitstekend, in september komt hij misschien al in Eernewoude. Dit jaar valt het ook op dat hier in de omgeving nog al wat vliegenvangers hebben gebroed. Zo nu en dan zie je oude vogels bezig hun jongen te voeren. Wat ook opvalt is dat hier in de haven bijna niet een jonge eend is uitgebroed, veel eieren zijn dit jaar uitgehaald.



Tot de volgende keer.

De voorzitter
K. Welling

Wy minsken boartsje mei alles
mei d' ierde, mei goed en kwea,
mei d' oaren, ússels en de romte,
wy boartsje mei libben en dea.
Mar ien ding is dochs wol it slimste:
wy boartsje wol gauris mei fjoer -
o lit ús dat net ûntkomme,
want dan is ús spultsje oer.

*Diet Huber*

**RIJLES??????**

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?
of wilt u SNELLER uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook een

**AUTOMAAT!!!!!**

**Autorijschool W. PIJL, Ureterp**
**Foareker 27 tel. 05125 - 2151**

Gedipl. instructeurs:

| | | |
|---|---|---|
| Wiebren Pijl | Ureterp | 05125 - 2151 |
| Niek Zwart | Surhuisterveen | 05124 - 3144 |
| Piet Aans | Hemrik | 05166 - 497 |

**en voor OUDEGA e.o.:**

**Geert v/d Klijn Drachten 05120 - 15210**

onze GARANTIE:
een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona . . . . . binnenkort
B.M.W. en Renault ! ! !

## FEESTPROGRAMMA "QUICK"-SERIES 1981

Freedtejûn 28 augustus o.s. 20.00 oere
spilet yn de feesttinte

de toanielferieniging "Sizze en Dwaen" út Terwispel
it toanielstik

**"REBOELJE OP RISPINGESTATE"**

Dit is in fleurich stik, wer't men tige om laitsje kin

Nei ôfrin dûnsjen mei muzyk fan

**"HET APOLLO TRIO"**

Zaterdagmiddag van 3 tot 5 uur receptie
i.v.m. 60-jarig jubileum
Zaterdagavond vanaf 8 uur dansen met muziek van

**"HET APOLLO TRIO"**

Zaterdag 29 augustus aanvang 9.30 uur
jeugdseriewedstrijden met een deelname van
26 acht- en twaalftallen

Zondag 30 augustus senioren - juniorenwedstrijden
met een deelname van 26 twaalftallen

Zondagmiddag vanaf 3 uur speelt het Apollo Trio
in de feesttent waar wij iedereen verwachten

NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE
WINKELWAGEN




SRV

Jachtweide 7 Oudega telefoon 1652

R. v.d. VELDE




**DAMCLUB "OUDEGA"**

Vrijdag 28 augustus hoopt onze damclub weer van start te gaan. Op deze avond wordt er een bespreking gehouden over indeling comp. en damtoernooi. Om weer met een 3e 8-tal uit te komen in de Bondscomp. heeft de damclub nog te weinig leden. Dus geeft u op als lid van onze vereniging. Het is ook de bedoeling om weer een jeugdafdeling te organiseren. De wisselbeker is reeds al beschikbaar. Dus schooldammers meld je bij het bestuur. Op deze avond is opkomst gewenst, omdat de Bondscomp. al in het laatst van sept. begint.

Indeling Bondscomp.:

**Hoofdklasse Noord:**
Drachten I
De Oldehove II
Bergum I
Surhuisterveen I
Suameer I
Oudega (Sm.) I
Huizum III
Oudebildzijl I
Oostermeer I

**Tweede klas B:**
Drachten III
Warga I
Oudega II
Surhuisterveen II
Ureterp I
Suameer II
? ? ? ?

**Derde klas B:**
Oldehove III
Oudega III
Franeker II
Warga II
Molenend II
Oudebildzijl III



It is guon minsken like folle
oft de ko skyt of de bolle

Mar foar in goed stik fleis, sa ha 'k ûntdekt
komt it de measten tige krekt

Dêrom en dit is tocht ik kleare taal
stiet kwaliteit by ús sintraal

En smakket it jo tige lekker
tinke jo, hjirfan wol 'k mear

Dan steane wy mei de bekende kwaliteit
foar fulling fan jo friezer klear

Dus foar ljirre, snijwoarst of
in stikje rikke spek op brea

Hoask oanrikkemedearre

**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**

**Dêr't ien hûn pisset, dêr pisje se allegearre.**



**Autohandel - Spuitinrichting**
**Schadereparatie**

*VAKANTIE VAN 15 t/m 29 AUGUSTUS*

BOVAG-lid

AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF

Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777

## IT WITTEN WURDICH

### SIMMERJOUN

Moai simmerwaar, 33 graden, en yn'e joun noch 27 as de sinne ûndergongen is. Je soene de hiele nacht wol bûten sitte kinne as de muskiten mar wat út'e omgeving bliuwe. De ûngetiid is efter de rêch, wy ha moai krûderich hea krigen en in fikse heap yn'e silo, we binne al wer mei de twadde sneed oan'e gong, en dy moat de kommende wike ek oan kant, want dan wachtsje de augurken. Dêr ha we in goed bunder fan en dy moatte alle dagen ôfsocht wurde, want de lytsten bringe 4 kear safolle op dan as se wat greater wurde, dêr tsjinoer stiet fansels dat jo fan'e greaten gauer in ton ha. De maïs hat al in minskehichte helle, dat giet fluch as it er wat opwierret. 1 July stie it oan'e knibbels ta, en no 12 Juli oan'e skouders ta. Sa giet dat mei de groeitiid hjirre, as it waarm begjint te wurden mei ta de nacht út, en sa no en dan ris in tongerbui, dan is der gjin hâlden oan. Noch mar krekt de earste sneed binnen, en de twadde stiet al wer yn'e bloei (lucerne). De kij steane deis op'e stâl, en nachts rinne su bûten, it is de bisten oerdei te waarm bûten, en dat litte se omraak witte yn molke, as jo se bûten rinne litte oerdei. It molke-jier rint al wer nei de ein. 31 Juli is de ein. 1 Augustus begjint it nije jier, wat jo dan te min molken ha yn it ôfrûne jier, dat wurde jo koart yn it kommende jier. Dus moasten jo 100.000 liter leverje, en der soe mar 70.000 molken wêze, dan betsjut it, dat jo foar it kommende jier mar 70.000 liter mear leverje meie, of jo soenen it opnij wer keapje moatte, en dat kostet foar it earste diel ûngefear 106 dollar per liter per dei en foar it twadde diel 30 sinten foar elke liter oer ien jier. Jo keapje foar ien jier, en dan giet it automatysk troch yn de kommende jierren. Dêr komt dan noch by, dat it earste diel wurdt foar 70% útbetelle op diel ien, de oare 30% wurdt as diel twa betelle. Mar it hâldt ek yn, dat jo dizze 30% wer fan it twadde diel ôflûke moatte. In hiele rekkenerij, sadat it der úteinliks op del komt dat jo foar diel 1: 70% útbetelle krije, foar 41 dollarsinten en diel twa foar 32 sinten. Wy ha ús part levere, dus wy ha gjin lêst fan boete of koarting. Om efkes in fergelyk te meitsjen: 1 mingel bringt op 41 of 32 sinten.
1 mingel benzine kostet 35 sinten en sil dus de molke yn Aldegea neffens de benzine f 1,60 it mingel opbringe moatte. It docht dêrom earst wol nuver oan. Sa kamen we hjir by in boer mei trije moaie nijmelke kij, prachtige jaren en goed molke, mar ja, syn part hie er al molken, dus as wienen se noch sa moai mei noch safolle molke, hja bringe niks op, want de molke mei net mear levere wurde. Mar foar hjir yn Kanada leau ik dat it in goede ynstelling is. De regearing garandeart in goede molkpriis, mar dan mei der net mear molken wurde, dan as de konsument op kin. Op dizze manier fan it yn'e hân hâlden, wat produksje en ôfset betsjut, ek yn Europa ta te passen soe net tafalle fanwege de ferskillende lânnen yn'e EEG mei elk syn eigen polityk foar de lânbou. Kanada is 200 kear sa great as Nederlân, en it hat 23 miljoen ynwenners. Der wenje yn Kanade 5,7 minsken op ien fjouwerkante mile. Nederlân hat 1.015 minsken wenjen op ien fjouwerkante mile. Tûzenen bunders lizze noch foar wyld, werûnder goede en minder goede foar kultuer. Dêrom op in bunder hoecht men hjir net te sjen. Prachtige natuerstreken. Jo kinne hjir fan alles sjen, sêftige heuvelachtige streken, oergeand yn greate ferskillen. Moaie fette groun, geskikt foar alles en stiennige droege flakten. Mar oeral treffe jo minsken oan. De ien hâldt fan heuvels en in oar fan'e flakte.
Ferline wike hat Janne Jantsje mei Auke ús opsocht, noflik ha we de dingen fan Aldegea wer bepraat, en nei it iten binne hja wer ôfset mei Joost en Hieke. Ek Teade en Aukje ha we noch mei kofje dronken, en ek diskear wer hiel Aldegea troch west yn ús praten. Sa is it libben hjirre en by jimme ryk yn alles wat in minske nedich hat yn'e natuer en yn it mienskipsferboun. De minske siket oanhâld, en wat dat oangiet binne se allegearre gelyk. Sa waard ús ek skille oer it ferstjerren fan Gerrit Gerritsma en dêr skrik je fan. Warber wie syn libben op ferienings en polityk mêd. Nea diene jo op him in fergees berop. Ticht libben hja by God en de natuer. Altyd wie har utering yn dy dingen. De bêste tinzen hâlde wy oer oan har. De mienskip skokt en giet wer fierder, in oar nimt de lege stoel yn, yn'e ried. Frou en bêrn moatte fierder, God mei har stipe wêze.
En dan libje we hjirre, mei in bulte kunde yn Aldegea en Smellingerlân, en idere kear wer nije dingen hjirre oan minsken en omgeving. Noch efkes kipet de sinne om in wolkje hinne, om dernei ûnder te gean yn'e nacht. De skimering duorret mar koart en as nei in heal ûre de tsjusternis oer de wrâld skoot komme de lytse michjes opsetten mei har ljochtskynsels yn'e efterein, as dounsjende stjerkes.

Tsjibbe.

### NIEUWS VAN SCHILDERSCLUB IT BUTHUS

In verband met het nieuwe cursusjaar '81-'82 ligt het in de bedoeling om een informatie-avond te organiseren waar zij, die hun tekenen- of schilderhobby weer willen gaan uitoefenen welkom zijn. Het afgelopen seizoen heeft veel mensen verrast te zien hoe amateurs tot zulke goede werkstukken kunnen komen. In elk geval kunt u komen kijken op 14 september a.s. 's avonds vanaf half acht tot tien uur voor nadere kennismaking met de cursusleider Oeds de Vries. Ook telefonische informatie tel.nr. 05117-2396.

Cursus It Buthus

### IN AARDICHHEIDSJE

Faaks ha jo it ek wol ris: wêr soe dat wurd weikomme. Om't ik wit dat myn man der ek nocht oan hat ha ik him op syn jierdei in etimologysk wurdboek jûn, der't men it yn opsykje kin. It wurd "opperman" siet my al langer dwers. It wurd kloppe net mei it wurk. Yn dat wurdboek stie dat it oflaat is fan it Latynske wurd operâri is wurkje. Sa sjocht men mar wer, oft men opereret of opperman is, men wurket hiel gewoan.

R. J. - U.




*It adres foar*
*1e klas*
*ierpels - grienten - fruit*
*en*
*libbensmiddels*

*Wy hawwe wer rûme kar*

*En wolle Jo in moaie fruitskaal weijaan?*
*Jo sizze it - of skilje ús mar*

*FOLKERT DE HAAN*
*Tel. 05127 - 1414*

De fakânsjetiid is om, as jo dizze Doarpsomropper lêze. Der binne in protte fan ús fuort west, fierwei of tichteby. As der no guon fan jo binne dy't in aardich of raar foarfaltsje meimakke ha, meitsje der dan eefkes in lyts ferhaaltsje fan. Of faaks is der ien op in nijskjirrich plak west en krije wy in reisferslach?

R. J. - U.

## SKIEDNIS

### MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

**It Wester Sân**

In alderivichst moai marke moat it west ha: it Wester Sân of de Westersâning. Guon Aldegeasters wurde no suver noch lyrysk, noch dichterlik, as hja oer it marke prate. In grutte poel hat it net west, de lingte sil in kilometer west ha, de breedte heechút sânhundert meter. Mar wat hat it in moai marke west! De boaiem, dat is oan'e namme wol te fernimmen, bestie foar't grutste part út sân, wie hurd. In idéaal swimplak foar bern, bûten it soal net djip, mei glêshelder wetter, sa skjin en suver, dat de minsken dronken it. As skippers oer it marke fearen, skepten se dêr har drinkwettertûntsjes fol. Der siet in protte fisk yn't Wester Sân en wetterfûgels wiene der ek planteit. Wetterplanten ek fansels: swanneblommen en giele plompen en popels en siggen. Fan dy lêste planten ieten de bern de wite ûndereinen op mei jittik en sjerp, lykas de bern dat oeral yn it Fryske wetterlân diene. Oan'e eastkant fan it Wester Sân hat noch in marke lein, folle en folle lytser as it Wester Sân, in marke mei in frijwat ûnbegryplike namme: De Tsjollen. It wurd Wester Sân is maklik te begripen: in mar mei in sânige boaiem, dy't oan'e westkant fan it doarp lei, mar mei de namme De Tsjollen wiist it slimmer. Mar S.J. v.d. Molen hat besocht om de namme te ferklearjen (Smellingeraland, s. 284) en neffens him soe it betsjutte: beboud fjild, boulân. As Van der Molen gelyk hat sil dus earst it lân by it marke dy namme wol krige ha en letter it marke sels ek. Wêr't dy markes lein ha? Wa't op'e Manjepetswei stean giet, sa likernôch by it boerespul fan Fokke Wiersma en dêr dan nei it suden sjocht, dy soe him - as er de eagen ticht docht - foarstelle kinne, dat it wetter fan it Wester Sân foar him leit. En wa't by it spul fan Folkert Algra stean giet en nei it westen sjocht, dy soe him foarstelle kinne, dat De Tsjollen foar him leit. De Tsjollen wie mei in feart ferbûn mei it Wester Sân en fan it Wester Sân koene se oer in moai wide feart, De Geau, nei de Krúsdobbe ta farre, dy't tusken Earnewâld en De Headammen yn leit. Wa't foarby it hûs fan Hylke Veenstra lofts ôfslacht en dan fierder giet sa fier as de wei ferhurde is, dy komt lang om let foar in moai brede feart te stean: dat is, wat der noch oerbleaun is fan De Geau, diskant de Krúsdobbe. Om De Tsjollen en it Wester Sân hinne lei eartiids in miensker, it westermiensker. Der hat noch in miensker west, it eastermiensker, dat lei by de Goudsjepoel. Suver lyk foar Hylke Veenstra-en-dy's hûs stie eartiids op'e reed - want in wei koe men it om 1900 hinne noch net neame - in wringe.




Oan'e westkant fan'e wringe lei it miensker, dat wiene de mienskiplike greidlannen fan'e boeren, dy't dêr rjochten hiene. Dat wie dus greidlân fan in tal boeren meiinoar, net ien fan harren hie dêr lân yn persoanlik eigendom. Yn'e Drachtster Gezinsbode fan 19.3.'80 stiet in moai dúdlik kaartsje fan dat miensker. Ut it

artikel dat der by stiet wurde wy wiis, dat de mienskerboeren yn 1910 te riede waarden om de mienskerlannen te ferkeapjen. It Wester Sân wie net in djippe mar, útsein it soal fansels. By't simmer lei it marke der sa fredich hinne, dat it in lust wie om te sjen. Mar yn'e hjerst, dan feroare de tastân hielendal, dan kaam it wetter omheech en streamde oer it lân hinne. En net allinne it lege lân om de Westersâning hinne, grutte dielen fan Fryslân kamen dan blank te stean. Want wy hiene doedestiids yn Fryslân it wetter sa goed net yn'e macht as hjoeddedei. Dat waard pas better yn 1920, doe't it Woudagemaal by De Lemmer begûn te meallen. Foar 1920 wie't by't hjerst en winter meastentiids ien grutte wetterflakte om Aldegea en Earnewâld hinne. Ien fan'e Aldegeaster âlderein fertelde my, dat er om 1910 hinne yn'e Jan Durkspolder wenne. It heucht him noch hiel goed, dat it wetter yn'e winter fan 1908-1909 bûtenwenstich heech stie. De kant nei Warten en Suwâld út wie't doe ien grutte wetterflakte. Hjir en dêr stie yn dy flakte noch in mûntsje dapper te draaien, by nacht en by dei, om in polderke droech te hâlden. As it moarns ljocht begûn te wurden, dan digeren se alderearst oer it wetter om te sjen oft er de nachts ek wer polder belies jaan moatten hie. Dat wie fan fierrens wol te sjen, oan'e mûne, dy stie dan stil en hie de wjukken yn't krús stean. Dan wisten se it wol: wer in polder, dy't der ûnderstrûpt wie. It wie doe sa'n minne hjerst en dêr folge sa'n minne winter op, dat er yn ryklik 20 wike net nei skoalle ta koe. It heucht him ek noch skoan, dat har heit dy winters op it Wester Sân in stikmannich jonge fammen út en wek helle hat. De man hie ek net folle letter komme moatten, want ien fan dy fammensbern wie al fier hinne. De Aldegeaster Jan Siebenga moat dêr ek in nuver aksedint hân ha. Hy ried mei in slide, dêr't in skiep op stie, ek yn in wek. Hy hie grûn ûnder fuotten, dat hy gong daliks oan'e slach om it spul der wer út te krijen. Wylst er dêr drok mei oan't skreppen wie, hearde er dat der yn't healtsjuster ek noch oaren syn kant út kamen. Om har foar it wek te warskôgjen rôp er lûd: "Hui, dit wek is al beset hear!". It wie in jong spantsje, dat sa let noch oan't riden wie. Der lei, no ja, it leit der noch fansels, oan'e noardkant fan it Wester Sân in stik lân, dat de nuversoartige namme draacht: De Roggene Bakken. It is de hiting, dat it yn't ferline ris in kear ferkocht is foar in fearn (26) roggene bakken. Gjin hege priis foar in stik lân. Foarhinne waard it wetter folle mear brûkt om frachten te ferfieren as hjoeddedei. Wy meie wol sizze dat eartiids de skippers it frachtferfier yn hannen hiene, ieuwen lang, teminsten yn Fryslân mei al syn kanalen en fearten en marren. Dat duorre oan sa likernôch 1930 ta, fan doe ôf waarden de frachtauto's sterker en grutter en dy begûnen stadichwei it frachtferkear fan de skippers oer te nimmen. Aldegeaster boeren, dy't lân hiene om it Wester Sân en de Geau hinne, brûkten ek al folle preammen om hea of gers nei it doarp ta te farren. Der rûn doedestiids in opfeart nei de Arkepôle ta en ek ien nei't hûs fan de man, dy't yn Aldegea destiids Swarte Fôke neamd waard; Hylke Veenstra wennet der no mei de hûshâlding. Meastentiids lykwols waarden de preamfollen hea foar de wâl lein by de barten en dêr oerladen op heaweinen. Tusken de huzingen fan Folkert Algra en Wytse Toering yn leine dy barten. Der hat fier yn It West op krekt foar it betonnene brechje, in âld hûske stien, dat bekend stie as Fiskershutte. It hàt der stien, want der is neat mear fan oer, allinne oan'e beammen dy't der stean kin men sjen, dat der bewenning fan minsken west hat. H. van der Zee brûkt it kampke no as weide foar't hynder. Mar der hat dus in wente stien. De namme Fiskershutte hat it krige om't der fiskers yn wenne ha. Foar in fisker wie't eartiids in daaldersk plakje. It hûs stie njonken in opfeart, dy't noch in moai ein fierder de lannen yn rûn en mei in pream wol te befarren wie; in fisker koe foarhinne it boat suver oan'e klink fan'e doar fêstmeitsje. Inkelde tsientallen meters farre de opfeart del en de fisker wie op it Wester Sân. De lêste bewenner wie Kees de Vries, plm. 1878 te wrâld kommen. Doe't er der noch wenne wist er te fertellen, dat de Fiskershutte boud wêze moast yn plm. 1815, foar in fisker. Kees syn heit hat it kocht, sa likernôch 1890; Marten wie sels ek fisker en by't winter reidsnijer. Fiskjen die er yn't Wester Sân (sa'n 40 bunder grut), op it Aldegeaster Sân (sa'n 60 bunder) en yn oare




# Reidinga b.v. - Oudega

**TELEFOON 05127 - 1323 - 1988 - 1993**

- GRONDWERKEN
- AANLEG LANDBOUWWEGEN
- WEGVERHARDING
- BESTRATING
- KIPPERTRANSPORT
- BULDOZERWERK

**Levering zand**

wetters om Aldegea hinne. Tige âld is de man wurden; doe't er yn 1940 ferstoar wied er hast 100 jier. Doe't heit wei wie bleau Kees allinne oer, want hy hat nea troud west. Mar doe kaam der al ridlik gau in hûshâldster oer de flier, in Doekeltsje Postma. Lykwols yn 1945 ferstoar dy en Kees bleau wer allinne oer. Kees soe ek fisker wurde, mar it betearde oars, hy waard reidsnijer en -hanler en fan't iene kaam it oare, hy waard ek reiddekker. Om 1900 hinne moatte der suver ûnûteachbere reidfjilden om Aldegea hinne lein ha, dy't yn dy dagen mear as 120.000 bosken reid opleveren. Yn syn jonge jierren hat Kees ek in goede reedrider west en nochal wat prizen wûn. Natuerminske wied er ek, hy koe de fûgels en de planten fan syn gea út'e pin. Alderhanne planten en beammen sette er ek op syn hiem. Wat der no noch stiet is moai wis noch troch Kees yn'e grun setten. Doe't Kees mei reiddekker ophold, dat wie in swalkersbestean, hat er in stikmannich kij kocht en begûn wat te buorkjen. Der hat in bûthûske west mei stalling foar seis bisten. Kees skaaide alhiel nei syn heit Marten, hy wie ek sterk en dreech en is ek âld wurden.

L. d. J.




**By it kaartsje**

It kaartsje toant ús hoe't de tastân wie by Aldegea om 1850 hinne. Dúdlik te sjen is, dat der doe hiel wat marren en puollen om ús doarp hinne leine. Dêrfandinne dy einekoaien foar it fangen fan wetterfûgels, dy't der om Aldegea hinne lein ha. De skippers foeren oer it Aldegeaster Sân nei it Alddjip en dan oer de Mjuksgroppe (de nije) de wrâld yn. Eartiids wie farren troch de Setsleat ek mooglik. De âlde ferbining fan it Smeliester Sân nei de Wide le gong troch de Wopkesleatten, troch it Holjacht, dus oer it Aldegeaster Sân en troch de Setsleat. Wy sjogge op it kaartsje ek de beide Mjuksgroppen stean. In groppe of grippel is eins mar in hiel smel wetterke. De muontsen fan it kleaster by Smelle le sille dat ferbiningswetterke wol groeven of breder makke hawwe. It wurd muonts is yn dy wurden ferbastere ta mjuks.

KOOS BAKKER'S

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw
ruiterkleding en toebehoren
van het wereldmerk "PIKEUR"

**Moleneind 44, tegenover Elmar**

**Tel. 05120 - 31533**
**b.g.g. 05120 -12516**

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle
lederwaren (tuigen, halsters)
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

## DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

### In apart man

Der hawwe aparte minsken yn Aldegea wenne, dat haw ik sa stadichoan wol foar't ferstan krige. Nim no sa'n ien as Linse, dat wie ek in apartenien. No hat Linse skipper west en it skippersfolk wie út soarte al in apart slach minsken; wa't dat net leauwe wol moat it boek "Heil om seil" fan Hylke Spearstra mar ris lêze. Sa't ik sei, Linse hat ek skipper west, hy hat sels in skoft as fearskipper op Ljouwert fearn en wie as sadanich dus de konkurrint fan de offisiële fearskippers, de Wellings. Mar Linse syn fearskipperij hat net sa oeribele lang duorre, dat in fetpot sil it wol net west ha, tink. Skippers hiene destiids yn'e gewoane regel in feintsje oan board en Linse foarme gjin útsûndering, dy hie ek ien, in jong en wat goedhinnich baaske. It moat ris bard wêze, dat it feintsje mei frijwat faasje it skip op'e wâl fleane liet; it spul siet muorrefêst. Linse kaam it foarûnder út stowen, seach ris efkes om him hinne en sei tsjin it feintsje: "No jong, dêr siet ek wer gong genôch yn, net?". By in oare gelegenheid wie it feintsje oan it boomkjen. De skipper rint dan fan't foarskip troch de waring nei 't efterskip en makket dêr mei in handich draaike de boom út'e modderige boaiem los,

# Nu bij ons te zien en te rijden:

De nieuwe Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel. Een probleemloze kilometervreter met een geweldige trekkracht (top: 140 km/h.), die toch heel stil is. Comfortabel en compleet.

Want zelfs de 5-bak, de brede radiaalbanden, de gelaagde voorruit, het getinte glas rondom, de AM/FM radio en de digitale quartzklok zijn standaard.

Efficiency? De Bluebird Diesel loopt 1 : 18,9 km bij 90 km/h. constant (ECE norm).
Kom eens kijken en proefrijden.
Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel
v.a.
**24.495,--**




Ook leverbaar als stationwagen.
Lichtmetalen wielen tegen meerprijs leverbaar.
Er is al een benzine-versie v.a. 18.495,- Prijzen incl. BTW, af Lisse.

**autobedrijf drachten b.v.**

DE HEMMEN 1
DRACHTEN
Tel. 05120-12100
Na 18.00 uur
Tel. 05120-14967-18575

DATSUN Reken op Datsun.

# Datsun Bluebird nu ook in 2 liter Diesel. Snel en stil.


mar dat witte jim fansels allegear wol. Linse syn feintsje koe it ek wol, mar op in kear mislearre dat, de boom siet sa fêst as in hûs. Ynstee fan doe los te litten hold it feintsje de boom stiif beet; it skip fear troch fansels en it feintsje trûzele oer board. Linse, dy't by it roer stie, seach fan boppen op him del en sei: "Ja jonge, it skip wie net langer, hen". Tinkend oan dy lakonike útspraken fan Linse soe immen miene kinne, dat de man sa sêft as potstro wie, mar dat soe in fersin wêze. Ynwindich wie Linse fergrimend lulk om de domme setten fan syn feintsje, mar oan syn stimlûd wie dat net te fernimmen. Dat wie net oars as oars. Mar wa't him koe, seach it wol, hy krige by sokke gelegenheden in reade holle en dan wiisde it kompas ferkeard.

L. d. J.

**Wa't farket kriget ek wolris in rak yn'e wyn.**

## FAN ALLES WAT

Op de laatste schooldag heb ik mijn afscheidsboekje van de kleuterschooljaren bij de kleuterschool verloren. Is er misschien ook iemand die het gevonden heeft?
Ik zou het zo graag terug willen hebben!

Wya Geerligs
Westersanning 1

**TE KEAP:**

Nije Zanussi frieskiste, 540 mingels ynhâld. Is noch nea brûkt! Mei 5 jier garânsje. Tige goedkeap!
Te sjen by: O. Pietersma, slachterij, Sânbuorren.


# Rabobank

ook voor Uw:

*REIZEN

*VERZEKERINGEN

*REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm. telefoon 05127 - 1533



Mannich Aldegeaster, ek al is er hjir hikke en tein, sil der yn'e earste opslach faaks wol muoite mei ha om dizze foto te plak te bringen. Wat de minsken oanbelanget dy't op dizze moaie foto stean, wy binne mar fan ien man wis, n.t.l. fan de man mei de pet skean op'e holle en allinne de boppeste knoop fan'e kile fêst: Wiger Kooistra. De nammen fan'e oaren witte wy net; der wurdt fan grute, dat der in soan fan Hindrik Kiers op stean soe. As ien fan ús lêzers ried skaffe kin, dan graach. En wat hat de fotograaf no op'e foto set? De Fabrykswei, eastkant, doe noch in sânreed. It hûs midden op'e foto stiet der noch, it is no wyt. Hielendal rjochts is noch krekt in stikje te sjen fan'e eardere herfoarme weme, hjoeddedei bewenne troch de fam. De Groot. It hûs lofts op'e foto waard destiids, doe't de foto makke is, bewenne troch Luitzen (Lút) Posthuma, gemeente-wurkman en pûstertraper yn'e herfoarme tsjerke. Hy húsmanne der yn't earstoan mei syn mem, Judikje v.d. Wal. Doe't dy op 28.3.1919 ferstoar bleau Lút allinne efter en sont gong it mis mei him. Hy rekke oan'e drank, wie oates en toates by Baaies. Op it lêst wie syn hûs heal ynstoart, yn'e bedsteden koed er net mear fertroud sliepe en doe sliepte er mar oer de flier. Lút is op 27.3.1938 ferstoarn yn it Drachtster earmhûs. Op it stee dêr't Lút wenne hat stiet no it hûs fan de fam. J. Woudsma.

L. d. J.

*SPIJKERBROEKEN*

***WRANGLER***

*van f 79,95 NU f 69,95*

***THOM MORE - spijkerbroeken***

*goede pasvorm*

*VAN f 47,95 NU f 37,95*

*ook in kindermaten vanaf f 27,00*

***T-SHIRTS***

*diverse kleuren - slechts f 5,95*

KOOISTRA'S

TEXTIEL

**BUORREN 22** **Tel. 1258**

**OUDEGA (SM.)**

*"DE SLAG"*



***Antiquairs, juweliers, diamantairs, taxateurs.***

*Ook deze week veel keus in eethoeken, kasten, secretaires, buffetjes, glaskasten, friese stoel- en staartklokken, regulateurs, porselein, tin- en aardewerk.*

*Op onze juweliers-afdeling:*

***ZILVEREN GEBOORTELEPELS***
***- 55 gram v.a. f 195,--***
*gratis gegraveerd.*

***VERLOVINGSRINGEN***
***- in 14 kt. v.a. f 225,-- p.p.***
*bekende merken voorradig.*

***SPECIAAL DEZE MAAND***

*Grote zilveren schalen, vazen, brandewijnkannen en voor de halve prijs.*
*Dus nergens meer keus en altijd goedkoper.*

*Kortom bij de Slag voor elk wat wils,*
*kom vrijblijvend even langs.*
*Het is altijd de moeite van een reis waard.*

*"DE SLAG"*
*Selmien 2, Olterterp*
*a/d weg achter de melkfabriek, richting Ureterp*
*Tel. 05125 - 1695*



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

***A.J. WELLING***
***BUORREN 18***
***OUDEGA***

WIJ

SLIJPEN

VAKKUNDIG EN VOORDELIG

Heggescharen
Huishoudscharen
Snoeischaren

Messen, ook met kartel
Veescheermessen
Schaatsen
Zagen en beitels

Motormaaiers, ook reparatie
Handmaaiers
Motorzaagkettingen

TEVENS VOOR AL UW REPARATIEWERK

H. VEENSTRA
Sânbuorren 15
Oudega (Sm)

Werkplaats:
Achterwei 39
Tel. 05127 - 1994





**NUVERAARDICHHEDEN**

Te huur, een kamer tussen Leeuwarden en Groningen aan de kust.

Te huur, een caravan compleet ingericht met fietsen.




**VEEHOUDERS VAN OUDEGA**

**KOSTENBEHEERSING?**

Veel mechaniseren lijkt fijn,
Voor de winst is het maar schijn,
Laat daarom ook in het komende seizoen,
Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

**FA. TOERING**
staat voor U klaar om voor U o.a.:
**te maaien, voor hooipersen, inkuilen, mest- en gierverspreiden, kraan- en dumperverhuur, enz.**

**Bel vroegtijdig, dit voorkomt teleurstelling.**

Oudega
05127 - 1582

Eernewoude
05117 - 9387

**Beleefd aanbevolen**
**Fa. TOERING**
**Loonbedrijf**

# DOORLOPER



**Horizontaal:**

**1** zangvereniging - vr. munt - afbreken
**2** niet hetzelfde - gemalin van Aegir - vogel
**3** trottoir - vroeger - bier
**4** steeds - gelofte - Aziatische rivier
**5** ogenblik - weg met bomen - kippenloop - droogoven
**6** gil - verkwikken - heil
**7** Europeaan - goed gekookt - voorzetsel - bloem
**8** snedig - gesloten - deel v.e. schip - Europeaan
**9** grondsoort - aardappelsoort - vogel - wraakgodin
**10** loot - gezichtsorgaan - erg - doppen
**11** man te paard - vierhandig dier - mager - spoedig
**12** vergissing - geestdrift - het kiezen
**13** vr. titel - deel v.e. etmaal - geheel de uwe - bars - landbouwwerktuig
**14** plaats in Overijssel - vreemde titel
**15** een zekere - evenredig aandeel - inhoudsmaat - reeks - water in Nd. Brabant.

**Vertikaal:**

**1** stand - plant - plaats in Zeeland
**2** niet tevreden - zeuren
**3** mondwater - trek - bestekamer
**4** landbouwwerktuig - telwoord - deel v.d. bijbel - voorzetsel
**5** mannetjeseend - trommelslager - familielid
**6** Noorse god - slordig - gemalin van Aegir - heilige
**7** Belgisch kiezelzandsteen - bijb. figuur - lintfamilielid
**8** plaats in Nd. Holland - deel v.h. been - streling - deel v.e. boom
**9** eenjarig dier - vat met hengsel - ongeveer - aantal
**10** met een mes werken - verlichtingsartikel - regeringsreglement
**11** last - handelsgebruik - eikeschors - deel v.d. bijbel - water in Amsterdam
**12** gewicht - plooi - deel v.d. breuk - vogel
**13** gratis - stand der edelen - dat is - zo - deel v.d. dag
**14** god v.d. wind - weegtoestel - gewoonte
**15** ontkenning - heilige - boei - god v.d. zee

**WIJN VAN DE MAAND:**

Mainzer Domherr Kabinett '80.

Een licht zoete Duitse witte wijn, gekoeld te drinken, F 5,45 per fles.

# Gerrit en Goke Adema

**Buorren 17, OUDEGA**
**Tel. 05127 - 1371**

**UW VéGé-LEVERANCIER**

---

WAT KUNT U KOPEN IN DE




Sânbuorren 1 9216 VB Oudega (Sm)

DIERVOEDERS voor GROOT en KLEIN vanaf 1 kg
en TUINBENODIGDHEDEN

| | | |
|---|---|---|
| Rundveevoeders | x | Diergeneesmiddelen |
| Vogelvoeders | x | Reiniging/ontsmettingsm. |
| Huisdiervoeders | x | Zeeppoeders |
| Stro/hooi | x | Bestrijdingsmiddelen |
| Granen | x | Erfverharding |
| Peulvruchten | x | Overals/spijkerbroeken |
| Aardappelen | x | Klompen/laarzen |



Wij bezorgen elke week
op vrijdagmorgen in:
Oudega, Eernewoude, de Tike, Nijega, Opeinde.
En op maandagmorgen in:
Rottevalle, Boelenslaan, Houtigehage, Dr. Compagnie en Drachten.
**De bestelling dient één dag van te voren worden opgegeven.**

---



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

S k i l j e ú s d a n e f k e s

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod yn Aldegea

**Waarme Bakker**
**J. J E L S M A**

**Boarnburgum**

**Tillefoan 05126 - 1215**

## PUZZEL:

1. Telgrapke: Hoe krijt men mei tolve hynders en alve hokken dochs yn elts hok ien hynder, sûnder dat der in hynder oerbliuwt?



2. Gefangene A mei en moat mar ien kear troch alle sellen fan syn meigefangenen rinne om de útgong te finen. Hoe moat er rinne?




☼ OPLOSSING PUZZEL JULI

**Horizontaal:**
1. Kels, 5. aat, 7. imme, 11. snoer, 13. omdat, 16. in, 18. interview, 20. se, 21. del, 23. te, 24. m.m., 25. iel, 26. stuk, 28. r.d., 30. a.e., 31. knop, 32. Tito, 34. mop, 36. bete, 37. vod, 38. ke, 40. da, 41. els, 43. ka, 44. mager, 45 s.s., 46. roe, 48. nu, 49. so, 51. tik, 53. velo, 55. lev, 57. prak, 59. hals, 60. n.t., 61. v.s., 63. pakt, 65. aas, 66. t.a., 68. t.l., 70. ter, 71. al, 72. misschien, 76 r.o., 77. Farao, 78. alver, 80. NATO, 81. mal, 82. Epen.

**Vertikaal:**
2. es, 3. Ters, 4. Sont, 5. are, 6. t.o.v., 7. idem, 8. naar, 9. mt, 10. gids, 12. eter, 14. mime, 15. welp, 17. netto, 19. ra, 20. Seoel, 22. luidkeels, 25. intestaat, 27. K.L., 29. om, 30. a.p., 31. ke, 33. O.K., 35. orgie, 36. Ba, 37. var, 39. enu, 41. drs., 42. sek, 47. ovaal, 48. n.o., 50. op, 52. ikker, 54. l.s., 53. l.t., 56. v.v., 58. r.p., 59. haas, 60. Nasa, 62. stil, 64. trog, 66. tiro, 67. w.c., 69. leve, 72. mat, 73. som, 74. hal. 75. nep, 77. fa, 79. re.

☼ OPLOSSING Nr. 10

1. As jo de njoggen fjouwerkantsjes sa dellizze dat nr. 5 yn'e midden leit, is it fierder in bernespultsje.

2.

| | | |
|---|---|---|
| spoar | hikke | sluter |
| tún | bank | wurker |
| migge | flap | brêge |
| keunst | each | appel |
| skûtel | wetter | skip |
| wetter | kraan | fûgel |
| klaai | ierapel | keapman |
| skouder | blêd | side |
| fet | pot | iten |
| pot | lead | line |
| strân | piper | nút |
| ierd | mantsje | fear |
| hals | lear | feint |
| fuot | fal | brêge |
| gal | appel | flaute |
| loef | gong | barte |
| koal | strie | blom |
| fracht | wein | ramt |
| tsjin | slacht | sin |
| slach | ier | ryp |
| iis | frij | feint |
| ear | moed | fearren |


Wed. A. NOORDSTRA

Fabrykswei 31

Oudega (Sm.)

Telefoon: 05127 - 1357

UW ADRES VOOR:

* Luxe en huishoudelijke artikelen

* Speelgoed

* Schoolbehoeften

* Souvenirs




## RESEPT:

Tomaten chutney fan griene tomaten, tige lekker by pôtiten, nassi ensfh.

2 pûn tomaten
1 pûn apels
1/4 pûn rezinen
1/2 pûn sipels
1/2 l. krûdenjittik
2 theeleppels sâlt (of bonusan"salt" foar saltleazen)
2 ûns sûker (of sionon foar sûkersiken)
1 1/2 theeleppel gemberpoeder
1 1/2 theeleppel ynmeitskrûden (yn in lapke katoen bine)

Alles yn net te fine stikken snije, en 1/2 oere siede litte mei de rest. Dêrnei pas de sûker derby en noch 20 min. sêft trochsiede litte. Pas op foar oanbaarne. De krûden derút helje, yn potten mei glêzen of metalen lidden dwaan en trije wike stean litte. De chutney kin wol in jier duorje.

# KETTINGZAAG

*Onmisbaar voor:*
* *haardblokken zagen*
* *zagen van balken*
* *bomen vellen of snoeien*
* *maken en repareren van omheiningen*




**PIONEER**

*EVENTUEEL OOK TE HUUR*

**A. Th. de Boer en Zn. b.v.**
landbouwbenodigdheden, tuinartikelen en gereedschappen
drachten, folgeren 16, tel. 05120-18205




## NUVERAARDICHHEDEN UT OARE BLEDEN

Mevrouw Klopmeier, kleuterleidster, stopt: "Ik houd van kleuters, je kunt ze nog maken en breken".
(Diemer Courant)

Werkelijk in nieuwstaat HONDA CIVIC '77, 40.000 km, geel, 3-deurs met een grote achterklep, radio. Altijd bereden door een dame. U moet de auto zien om het te kunnen geloven.
f 4.800,--, tel.....
(Leids Dagblad)

Indisch meisje (24) voor discreet relaxen. Maandag t/m vrijdag van 11.00 tot 17.30. Nu ook achteringang. Tel..........
(Stedendriehoek)

Sleegers: "Het was een mooie parochie met een volstrekt eigen karakter. Kenmerkend heb ik altijd gevonden een massale vechtpartij in de kerk waaraan de politie te pas moest komen. Twee op voet van oorlog levende families hadden de dag van de eerste communie uitgekozen om hun ruzie te beslechten. Dat kon alleen in het Groeseind. Een fijne parochie met veel activiteiten.
(Nieuwsblad v.h. Zuiden)

Een konfortabel eigen huis onbetaalbaar?
In Ter Apel is het precies andersom!
(Nieuwsblad v.h. Noorden)

**Elk syn meuch, sei de poep,**
**en hy iet figen mei moster.**


**DRUKKERIJ**

**s.o.d. b.v.**
**v.h. Osinga**
Boekdruk / Offset / Uitgeverij
De Giek 17 - 9206 AS Drachten
Telefoon 0 5120-12468


**Wat stiller wat better, sei't âldwyfke,**
**en hja siet mei't gat yn'e brannettels.**

ROCKPORT
SCHOENEN

PUUR NATUUR

GARANT · SCHOENEN

lampers
schoenen

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum · Telefoon 05116-1508

TOUW
WINDSURFING
WATERSPORT

DEALER VAN ALLE BEKENDE MERKEN SURFPLANKEN.

o.j. van der baan c.v.

Noordkade 57 DRACHTEN Tel. 05120 - 12004

mode
Nagel

Kinderen
dames
Heren

Bergum Schoolstraat 5

## SOCIALE WURKLIST

WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS
fan freed 17.00 oere oan 't sneintejûn 24.00 oere.

| | | |
|---|---|---|
| 5 september | C. v. Staveren<br>Roundeel 56 | Aldegea<br>05127 - 1262 |
| 13 september | J.S. Meyboom<br>Kommisjewei 120 | De Pein<br>05127 - 1261 |
| 20 september | S. Vriesinga<br>Torenlaan 17 | Eastermar<br>05129 - 221 |
| 27 september | H.J. Amelink<br>Greate Buorren 22 | Garyp<br>05117 - 1264 |

GROENE KRUIS
Spreekuur W. van der Kooi: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05127 - 2207.
Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND
Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND
Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.
De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.
De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

BIBLIOTHEEK
Openingstijden:

| | |
|---|---|
| woensdag: | 13.30 - 17.00 uur |
| | 19.00 - 21.00 uur |
| vrijdag: | 13.30 - 17.00 uur |
| | 19.00 - 21.00 uur |

In 'It Miensker', Fabrykswei 13a, tel. 1398

OPENINGSTIJDEN

| POSTKANTOOR | RABOBANK |
|---|---|
| Maandag tot en met vrijdag: | |
| 8.30 - 12.00 uur | 9.00 - 12.00 uur |
| 13.00 - 17.30 uur | 13.30 - 15.30 uur |
| Woensdagsmiddags gesloten. | donderdagsavonds: |
| Tel. 05127 - 1258 | 17.00 - 19.00 uur |
| | Tel. 05127 - 1533 |

Ned. Midd. Spaarbank en Ass. kantoor,
It West 3, till. 05127 - 1296

Iepen fan: 9.00 - 12.00
13.30 - 17.00 en op ôfspraak

UITVAARTVERENIGING 'DE LAATSTE EER' OUDEGA
Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206.
Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

### TSJERKETSJINSTEN

**Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223**

| | | |
|---|---|---|
| 6 sept. | 9.30 | H.J. Nolles, voorbereiding H.A. |
| | 13.45 | A. Addis, Oldekerk |
| 13 sept. | 9.30 | H.J. Nolles, viering H.A. |
| | 13.45 | H.J. Nolles |
| 20 sept. | 9.30 | J.H. Hamoen |
| | 13.45 | H.J. Nolles |
| 27 sept. | 9.30 | G. Rikkers, Sumar |
| | 13.45 | H.J. Nolles, jeugddienst |

**Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117-1228**

| | | |
|---|---|---|
| 6 sept. | 10.30 | J.H. Hamoen |
| 13 sept. | 10.30 | Engelsma |
| 20 sept. | 10.30 | J.H. Hamoen |
| 27 sept. | 10.30 | J.H. Hamoen |

### FRYSKE LESSEN

It ferlet om mear fan eigen taal te witten wurdt hieltyd grutter by in soad minsken. As der yn Aldegea genôch dielnimmers/sters binne kin der takomme hjerst wol wer in kursus Frysk op priemmen setten wurde. De bedoeling fan sa'n kursus is om de wurdfoarried fan de dielnimmers grutter te meitsjen, mar foaral om de kursisten it skriuwen fan it Frysk te learen. Elkenien, jong en âld, kin meidwaan. Wa't dêr sin oan hat moat him/har foar 15 septimber o.s. opjaan bij frou Jansma, Achterwei 5.

- - - - - - - - - - - - - - - - - - - - - - - -

Fryske lessen

Underskreaune . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . .

Adres . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . . .

jout him/har op foar de Fryske lessen.

Hantekening,

. . . . . . . . . . . . . . . .

**Jachtwerf Eernewoude**
Princehof 3
Tel. 05117–9300 b.g.g. 9251

# Fa. Westerdijk en Zn.

**Gem. Jachthaven**
Feansterdyk 2
Tel. 9360




Tevens voor de doe-het-zelver
is er gelegenheid voor het
onderhoud van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

WELLING - BAR
**Petit - restaurant**



** als vanouds het café met de fijne sfeer*
** prima keuken en fijne wijnen*
** geschikt voor kleine recepties en vergaderingen*
** diverse exposities van amateurschilders op de bovenzaal "De Bûthússouder"*

**Vanaf dinsdagsmiddags 3 uur geopend; in de weekends tot 2 uur.**



# familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime keuze uit de meest originele*

*GEBOORTE-*
*VERLOVINGS-*
*HUWELIJKSKAARTEN*

**DRUKKERIJ S.O.D. b.v.**
**Buorren 11, Oudega (Sm.)**
**Telefoon 05127 - 1755***
**(ook 's avonds en weekends na afspraak)**